# PARSEBERJOCHT

29 juny 2018

## Fossylfrije dagen by Omrop Fryslân

**De kommende twa wiken is hiel Fryslân fossylfrij. Dat is it doel fan de inisjatyfnimmers, Fossylfrij Fryslân en de Elfwegentocht. Dogge de Friezen massaal mei? Omrop Fryslân folget de ûntwikkelingen yn de 'Fossylfrije dagen'. Mei reportaazjes oer fossylfrije inisjativen, ferslachjouwers op 'en paad mei fossylfrije reizgers en in sjipkisterace mei skoalbern. De meiwurkers fan Omrop Fryslân dogge sels ek mei oan de Fossylfrije dagen.**

Yn it radioprogramma Fryslân fan 'e moarn folget ferslachjouwer Bauke Deelstra minsken dy't op duorsume wize nei harren wurk reizgje. Bygelyks mei echte hynstekrêft of in elektryske step of boat. Hy makket ek in vlog dy't jûns te sjen is yn Fryslân Hjoed. Yn it radioprogramma Weistra op wei dogge de ferslachjouwers middeis ferslach fan enerzjy-inisjativen lykas it gebrûk fan blauwe disel en in snackbar dy't folslein fossylfrij wurde wol.

**Tsjek myn sjipkist**

Yn it skoaltelefyzjeprogramma 'Tsjek myn sjipkist' dogge trije skoallen út Fryslân mei trije bern mei oan in sjipkisterace. De spesjale útstjoeringen fan Tsjek oer dit ûnderwerp komme net út in skoalle wei, mar út in garaazje. Yn de searje bouwe de bern harren eigen sjipkist mei elektryske motor. Tsjek myn sjipkist is te finen op Skoal.tv. De grutte finale is op 4 july yn de Elfstedenhal yn Ljouwert. De finale wurdt op snein 10 july om 17.30 oere útstjoerd op Omrop Fryslân en is ek online te folgjen.

**Fossylfrije Omroppers**

De meiwurkers fan Omrop Fryslân dogge sels ek mei oan de Fossylfrije dagen. Se kinne dêrfoar ûnder oare gebrûk meitsje fan elektryske fytsen en in elektryske scooter.

De Fossylfrije dagen by Omrop Fryslân begjinne op 2 july.

---

**Noat foar de redaksje:**

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân: 058 299 7876.

# PERSBERICHT
29 juni 2018

# Fossylfrije dagen bij Omrop Fryslân

**De komende twee weken is heel Fryslân fossielvrij. Dat is het doel van de initiatiefnemers, Fossylfrij Fryslân en de Elfwegentocht. Doen de Friezen massaal mee? Omrop Fryslân volgt de ontwikkelingen in de 'Fossylfrije dagen'. Met reportages over fossielvrije initiatieven, verslaggevers op pad met fossielvrije reizigers en een zeepkistenrace met schoolkinderen. De medewerkers van Omrop Fryslân doen zelf ook mee aan de Fossylfrije dagen.**

In het radioprogramma Fryslân fan 'e moarn volgt verslaggever Bauke Deelstra mensen die op een duurzame manier naar hun werk reizen. Bijvoorbeeld met echte paardenkracht of een elektrische step of boot. Hij maakt ook een vlog die 's avonds te zien is in Fryslân Hjoed. In het radioprogramma Weistra op wei doen de verslaggevers 's middags verslag van energie-initiatieven zoals het gebruik van blauwe diesel en een snackbar die volledig fossielvrij wil worden.

## Tsjek myn sjipkist

In het schooltelevisieprogramma 'Tsjek myn sjipkist' doen drie scholen uit Fryslân met drie kinderen mee aan een zeepkistenrace. De speciale uitzendingen van Tsjek over dit onderwerp komen niet vanuit een school, maar vanuit een garage. In de serie bouwen kinderen hun eigen zeepkist met elektrische motor. Tsjek myn sjipkist is te vinden op Skoal.tv. De grote finale is op 4 juli in de Elfstedenhal in Leeuwarden. De finale wordt op zondag 10 juli om 17.30 uur uitgezonden op Omrop Fryslân en is ook online te volgen.

## Fossielvrije Omroppers

De medewerkers van Omrop Fryslân doen zelf ook mee aan de Fossylfrije dagen. Ze kunnen daarvoor onder andere gebruik maken van elektrische fietsen en een elektrische scooter.

De Fossylfrije dagen bij Omrop Fryslân beginnen op 2 juli.

---

**Noot voor de redactie:**
Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 058 299 7876.